

KOALYSJE-AKKOART GEMEENTE LJOUWERT | 2022 - 2026

no ynvestearje yn de takomst

griener meitsje, ferbining
sykje, wearde jaan



Ynhâld

DIT IS ÚS AMBYSJE	4
IN GRIENE, SÛNE EN KLIMAATBESTINDIGE LEEFOMJOUWING	8
IN STERKE MIENSKIP MEI KÂNSEN FOAR ELKENIEN	14
BETELBER WENJEN YN IN SÛNE EN FEILIGE LEEFOMJOUWING	22
FOAROPRINNEND YN KULTUER EN EVENEMINTEN	28
IN SIRKULÊRE EN KONKURREARJENDE EKONOMY	32
GEARWURKING EN ORGANISAASJE	38
FINANSJELE BYLAGE	46
PORTEFÚLJEFERDIELING KOLLEEEZJE 2022-2026	51

Wy ynvestearje yn de takomst. Fan ús stêd en ús doarpen. Wy ynvestearje yn de bestearswissichheid en kânsgeleiken fan minsken. Soargje dat elk him nei fermogen ûntjaan kin. En dat nimmen oan de kant hoecht te stean.

Wolfeart en wolwêzen foar elkenien. Dat is ús brede ambysje foar in loekich libben. Dêr wurkje we oan út heldere prinsipes wei. Wy stelle wolwêzen boppe wolfeart, it sosjale boppe it materiële, minsken boppe systemen en kwaliteit boppe kwantiteit.

Wy stypje minsken dy't efterbliuwe, dy't harsels net goed rêde kinne of dy't ûnfoldwaande meidwaan kinne. Wy fergrutsje de sosjale gearhing yn de mienskip en geane polarisaasje tsjin. Ynvestearje yn de takomst betsjut ek dat we de fitaliteit en oanlûkingskrêft fan stêd en doarpen fersterkje en soargje foar in grien en sûn leefklimaat foar minsken, bisten en planten. Dat we ús fysike leefomjouwing sa ynrjochtsje en ûnderhâlde dat we de kwaliteit fan libjen fan hjoeddeistige én takomstige generaasjes fergrutsje.

Dat dogge we út ús rol en mooglikheden wei. Dêrby sykje we aktyf de gearwurking mei ynwenners, ûndernimmers, ferienigingen, organisaasjes en inisjativen. Yn de stêd en yn de doarpen. Ynvestearje yn de takomst is op 't lêst in opdracht foar ús allegear.

As koälysje binne we tige motivearre om de kommende jierren by te dragen oan in leefber Ljouwert mei loekige ynwenners.

Wy nûgje elkenien fan herte út om mei ús mei te tinken én te dwaan.

Hein de Haan (PvdA)

Femke Molenaar (GroenLinks)

Sikko Klaver (Gemeentebelangen)

Abel Reitsma (CDA)

Ljouwert, maaie 2022



De kommende jierren ynvestearje we yn de takomst fan Ljouwert. Wy fergrutsje de kwaliteit fan libjen fan ynweners no, mar fiele ús krekt sa ferantwurdlik foar de takomstige generaasjes. Wy wolle de stêd en de doarpen goed efterlitte foar ús bern en bernsbern. Dêrby binne we ús der tige fan bewust dat we net op in eilân sitte. Ûntjouwingen fier fuort beynfloedzje ús mienskip tichtby. Sa binne we noch folop oan it bykommen fan de koroanakrisis en toane we ús mei it opheinen fan flechtlingen solidêr mei minsken yn need. Yn ús globale wrâld fan hjoed-de-dei bestiet der eins gjin fier-fan-myn-bêd-show mear. Dat jildt fansels ek foar grutte tema's as klimaatferoaring, ekonomy of digitalisearring. Ek dy klinke dan ek troch yn dit koälysje-akkoart.

Dit is ús ambysje

ÚS FIIF ÚTGONGSPUNTEN FOAR DE PERIOADE 2022- 2026

1

WY MEITSJE GRIENER – WY DOGGE IT EMISJEFRIJ, SIRKULÊR EN ADAPTYF.

2

WY FERBINE – WY SYKJE DE FERBINING OP TEMA'S; ÛNDERWIIS MEI ARBEIDSMERK, KULTUER MEI MAATSKIPLIKE OPEFTEN, LEEFOMJOUWING MEI SÛNENS, ITENSPRODUKSJE MEI ITENSKONSUMPSJE.

3

WY JOUWE WEARDE – WY DRAGE BY OAN LEEFBERENS EN LOK FAN MINSKEN.

4

WY WURKJE TÛK – WY MEITSJEN FERANTWURDE GEBRÛK FAN DATA EN (NIJE) TECHNOLOGY.

5

WY WURKJE GEAR – WY SYKJE GEARWURKING MEI OERHEDEN, MEI DE MIENSKIP, MEI BEDRIUWEN EN KENNISYNSTELLINGEN, MEI DE REGIO, MEI IT RYK EN MEI EUROPA. DÊRBY KOMME WE TA DE KREKTE FERDIELING FAN ROLLEN EN FERANTWURDLIKHEDEN.





De kommende bestjoersperioade sette we yn op it fersterkjen fan de brede wolfeart. Dat is wolfeart dy’t fierder giet as allinnich it materiële. Fansels, in goed ynkommen dat bestears-wissichheid jout, is fan grut belang. Mar dat jildt ek foar bygelyks in dak boppe de holle, in goede sûnens, goed ûnderwiis, in sûn miljeu, in noflike leef-omjouwing, sosjale ferbûnens tusken minsken, de mooglikheid om dysels te ûntploaien en feilichheid. Al datsoarte saken fine minsken fan wearde en mei-inoar meitsje se de kwaliteit fan ús bestean út. Brede wolfeart giet oer dat mei-inoar opspyljen fan wolfeart, wolwêzen én wolfielen.

Perspektyf op better

In soad minsken hawwe muoite om yn har libbensûnderhâld te foarsjen. Se hawwe te min ynkommen om fan rûn te kommen. Dat beheint harren om har te ûntjaan en mei te dwaan yn de mienskip. Wy lizze kontakt mei minsken dy’t minder kâns hawwe op betelle wurk en jouwe harren de mooglikheid om op in leechdrompelige wize folweardich oan de mienskip mei te dwaan. Dêr ûntwikkelje we ekstra ynstruminten foar. Mei goed ûnderwiis en in passende soarchstruktuer fergrutsje we de kânsegelikens fan takomstige generaasjes. Op dy en oare wize fergrutsje we de bestears-wissichheid en kânsegelikens en jouwe we minsken perspektyf op better.

Elkenien thús

Elkenien moat him thúsfiel kinne yn Ljouwert, sawol yn de stêd as yn de doarpen. Wy stypje frijwilligerswurk en aktiviteiten yn buerten en doarpen. Sa benutte we de krêft fan de mienskip en jouwe we in ympuls oan de ûnderlinge ferbûnens en mienskipssin. En wy hâlde de leefomjouwing feilich troch ûndermynjende kriminaliteit en oerlêst oan te pakken. Dêrby leit de fokus op previnsje.

Kultuer as motor

It jier fan de kulturele haadstêd hat bewiisd hoe wichtich kultuer is as motor foar groei en feroaring. Fansels as oanjager foar in fitale en oantreklike binnenstêd, mar kultuer is ek wichtich foar de sosjale koheezje yn de mienskip en biedt minsken mooglikheden har te uterjen, te ûntjaan en mei te dwaan. Dy brede ynset op kultuer geane we de kommende perioade mei troch en sille we fersterkje.

Sûnens en sport

Sûnens is in wichtige basis foar in lokkich en aktyf libben. Spitigernôch binne der grutte sûnensferskillen tusken minsken, faak bepaald troch opliedingsnivo, sosjaal-ekonomyske status of wenplak. Dy ferskillen wolle we lytser meitsje, it leafst sa ier mooglik yn ien syn libben. Dêrby sjogge we sport en bewegen as wichtich middel om sûnens-efterstannen yn te rinnen.

Betelber wenje yn leefbere wiken en doarpen

De krisis op de wenningmerk is ek te fielen yn Ljouwert. Der binne te min (betelbere) wenningen beskikber foar groepen mei in soarchfraach, starters, senioaren en studinten. Dat set de leefberens yn in tal wiken sterk ûnder druk. Dus wolle we de kommende perioade noch mear betelbere wenningen bouwe yn Ljouwert en soargje foar in earlike ferdieling fan de besteande wenningfoarried. Benammen de Spoarsône biedt dêr mooglikheden foar. Wy bouwe duorsum binnen besteand gebiet en passend by it karakter en de skaal fan buerten en doarpen. Ek sette we nije ynstruminten yn om de leefberens yn wiken te fersterkjen.

In griene en sûne leefomjouwing

Om de brede wolfeart en it wolwêzen foar kommende generaasjes te garandearjen, wolle we ús gemeente flink griener en duorsumer meitsje. Wy binne ambisjeus, wis as it giet om tema’s as klimaat en enerzjy, bioferskaat en sirkulêre ekonomy. Oanslutend by it Ryksbelied ferheegje we ús ynspanningen op dy mêden. Wy sette flink yn op enerzjybesparring en it ferleegjen fan de enerzjyrekken, foaral by ynwenners dy’t te krijen hawwe mei enerzjy-earmoede. Wy bringe kennis en ynnovaasje byinoar en fersterkje yn ‘e mande mei de kampussen en kennisinstellingen it akademysk klimaat. Ek fersterkje we de gearwurking mei de enerzjy-koöperaasjes. Foar it duorsumer meitsjen fan wenningen en bedriuwen sette we enerzjycoaches yn. Wy meitsje de gemeente griener troch it plantsjen fan mear beammen. Wy sette fol yn op duorsume mobiliteit en wurkje oan feilige fytsrûtes tusken de doarpen en de stêd.

In feilige leefomjouwing

Wy wolle ús ynwenners en besikers in leefbere en feilige leefomjouwing biede. ûndermynjende kriminaliteit, oerlêst, oarderfersteuring en cyber-crime feroarsaakje (gefoelens fan) ûnfeilichheid en ûntwrichtsje de mienskip. Ditsoarte problemen pakke we dus oan. Wy fersterkje de gearwurking binnen de gemeente en mei lokale en regionale partners op it mêd fan feilichheid. Ek sette we yn op previnsje dy’t in folweardich ûnderdiel wêze moat fan it Ljouwerter feilichheidsbelied.



Persoanlike en passende tsjinstferliening

De mienskip feroaret. As oerheid feroarje we mei. Sa wolle we ús tsjinstferliening ferbetterje en fierder digitalisearje. Sa’n technologyske ûntwikkeling docht in grut berop op it oanpassingsfermogen fan minsken en bedriuwen. Dus stelle we de ynwenners ûnfermindere sintraal by alles wat we dogge en beweitsje de minsklike maat fan ús tsjinstferliening.

Gearwurking en demokratyske fernijing

De gemeente kin maatskiplike opjeften en doelstellingen net op eigen manneboet realisearje. Wy moatte en wolle graach gearwurkje mei ynwenners, ûndernimmers, organisaasjes en oare oerheden. De gemeente hat yn dat fjild ferskate rollen, ôfhinklik fan de opjefte. Wy geane ferskate gearwurkingsrelaasjes oan. Ek eksperimintearje we mei demokratyske fernijing.

Romte om te ynvestearjen yn de takomst

Foar it earst sûnt jierren ha we finansjele romte. Ynsidintele middels reservearje we yn fûnsen. Dat jout ús mooglikheden om ynvestearringen te dwaan dy’t fan belang binne foar takomstige generaasjes. De kommende bestjoersperioade hoege we nei alle gedachten ek net fierder te besunigjen. Foar de begruttingen 2023 en dêrnei komme we mei útstellen foar it besteegjen fan it beskikbere jild. Yn oanrin nei de begrutting 2025 meitsje we mei in ‘midterm review’ de finansjele tuskenbalâns op. It doel bliuwt om te soargjen foar in gemeente dy’t finansjeel sûn is.

Kieze en ôfwage

Enerzjytransysje, klimaatadaptaasje, wentebou, in goede match tusken fraach en oanbod op de arbeidsmerk en de sirkulêre ekonomy. It binne mar in pear fan de grutte útdagingen dêr’t wy de kommende perioade foar stean.

Mei troch ús kar foar brede wolfeart krije we te meitsjen mei ôfwagingen tusken ferskate, faak útinoar rinnende belangen. Net alles kin oeral, net alles kin tagelyk, net alles kin op koarte termyn. It meitsjen fan in kar is need-saaklik. Wy wurkje de kommende perioade dêrom út fiif heldere útgongspunten wei dy’t ús helpe by it ôfwagen en it kiezen.

Global goals

Wy drage dus by oan brede wolfeart. Oan in leefomjouwing dy’t ‘takomst-bestindich’ is foar generaasjes nei ús. Wy slute dêrby oan by de 17 ynternasjonale doelen dy’t troch de Feriene Naasjes op dat mêd formulearre binne. Sy jouwe ús ynspiraasje en rjochting foar it finen fan de goede oplossingen foar ús lokale útdagingen. Alle haadstikken yn dit kolleezjeprogram ferbine we dêrom mei global goals. Se drage by oan de takomst fan ús gemeente én oan in bettere, grienere, sûnere en mear lykweardige wrâld.



¹ Dy útgongspunten ha we ûntliend oan de Omjouwingsfisy en oan Brede Wolfeart.

² Mear ynformaasje [fine jo hjir](#).

In griene, sûne en klimaat-bestindige leef-omjouwning

MEI DE MAATREGELS ÚT DIT HAADSTIK DRAGE WE BY OAN DE FOLGJENDE GLOBAL GOALS:



SKJIN WETTER EN SANITÊRE FOARSJENNINGEN FOAR ELKENIEN



TAGONG TA BETELBERE EN DUORSUME ENERZIJ FOAR ELKENIEN



OANPAK FAN KLIMAATFEROARING



BESKERMJEN EN DUORSUM GEBRÛK FAN DE OSEANEN EN SEEËN



BESKERMJEN EN DUORSUM GEBRÛK FAN EKOSYSTEMEN, BOSKEN EN BIOFERSKAAT

Energjytransysje, klimaatadaptaasje, bioferskaat en it groeiend tekoart oan grûnstoffen. It binne fraachstikken op wrâldskaal dy't ek foar ús gemeente fan belang binne. Want elkenien wol dochs skjinne lucht, skjin wetter, sûne natuer en grûn sûnder fergif? Wy wolke ús gemeente leefber hâlde foar hjoeddeistige en takomstige generaasjes en foldwaan oan (ynter)nasjonale klimaatôfspraken. Dêrom kieze we der de kommende perioade foar om op in oare wize om te gean mei grûnstoffen, energjy en ús leefomjouwing. Dêrby sette we sterk yn op energjybesparring en it griener meitsjen fan de gemeente. Dat dogge we ûnder oaren troch sels it goed foarbyld te jaan, kennis en ynnovaasje byinoar te bringen en te soargjen foar in kollektive oanpak wêr't dat nedich is.

Duorsume balâns tusken lânskip, natuer en lânbou

Wy stribje nei in takomstbestindich itensysteem sûnder negative effekten foar de kwaliteit fan lucht, grûn en wetter. It feangreidegebiet freget bysûnder omtinken. De boaiemdelgong hat gefolgen foar fundearingen, gemeentlik kapitaal-goed, natuer, it wetterbehear en de CO2-útstjit.

Wy sette fol yn op mooglikheden om itenswissichheid en duorsumens te kombinearjen. Wy meitsje it de lânbousektor mooglik om de omslach te meitsjen nei duorsume en sirkulêre foarmen fan lânbou. Mei-inoar sykje we nei nije fertsjinnersmodellen. Dat dogge we as ûnderdiel fan yntegrale gebietsprosessen yn 'e mande mei de oanbelangjende agrariërs, grûneigeners, ynwenners en organisaasjes foar natuer en milieu. Wy wurkje dêryn gear mei de Provinsje en Wetterskip Fryslân en slute oan by rinnende programma's, lykas it Feangreideprogramma en de aksjeplannen 'Friese Kleiweide' en 'Noordelijke Kleischil'.

It werom bringen fan it bioferskaat

Wy wolke de gemeente leefber hâlde foar minsken, bisten en planten. Dêrom ferbetterje we de kwaliteit fan wetter en grûn en bringe we it bioferskaat wer werom en fersterkje it. Dêrby giet it om sawol in gruttere soarterykdom as in fermindere kwetsberens fan populaasjes. Fia rinnende gebietsprosessen stypje we de foarming fan gruttere oanien sletten greidefûgelgebieten. Dat dogge we yn it ramt fan 'Aanvalsplan Grutto'.

Grûn, wetter en bioferskaat nimme we as útgangspunt by it ynrjochtsjen en behearen fan de leefomjouwing. Wy sjogge ek nei de keppelkânsen by bygelyks de oanpak fan stikstof, duorsume energjy, gebietsûntwikkeling en wentebou. Doel is altyd werom-kommende natuer en dêrtroch mear grien en mear bioferskaat. Dat alles pakke we yn en mei it gebiet op. Dêrby wurkje we gear mei de provinsje en oare gearwurkingspartners.

Energjy en klimaat

It klimaatfraachstik rekket elk. Yn line mei it kabinet wolke wy ús ynspanning op dat mêd ferheegje (60% reduksje fan CO2 yn 2030). Wy sette dêrby yn op in brede oanpak. Wy fokusje net allinnich op it energjyferbrûk fan húshâldens, mar ek op duorsume mobiliteit, skjinne yndustry en duorsum lângebrûk. Wy drage by oan de oerstap fan fossile brânstoffen nei skjinne en duorsume energjyboarnen, lykas wynenergjy, sinne-energjy en geotermie. Dat dogge we yn 'e mande mei lokale energjy-koöperaasjes. Sa kinne we gruttere stappen meitsje. Wêr't dat nedich is, pakke we as gemeente de rezjy. Bygelyks op plakken dêr't kollektiviteit nedich is om energjy foar elkenien betelber te hâlden. Wy geane fierder mei akwatermy en geotermie. Wy ûndersykje nije foarmen fan energjy-opwekking en -opslach lykas it tapassen fan wetterstof.

EVERT STELLINGWERF
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN GROENLINKS
PORTEFÛLJE: KLIMAAT, DUORSUMENS,
YNFRASTRUKTUEER EN MOBILITEIT

'Energjytransysje is in grut tema binnen myn portefûlje. Wy kinne mear energjy besparje en moatte ús energjy op in oare wize opwekke. Sa komme we no én letter in hege energjyrekken tefoaren. Ek it griener meitsjen fan ús leefomjouwing, it oanpassen oan klimaatferoaring en sûn en duorsum ferfier binne spearpunten foar my. Wy wolke de auto-earme binnenstêd útwreidzje en mear romte jaan oan fuotgongers, fytzers en beammen. De útdaging is om ditsoarte grutte feroarings behapber te meitsjen. Troch lytse, oantreklike stappen te setten kinne we minsken meikrije!'

'Wy wurkje oan in griene, sûne en leefbere gemeente foar ús bern en bernsbern'

Wy wolle ús gemeente leefber hâlde foar hjoeddeistige en takomstige generaasjes en foldwaan oan (ynter)nasjonale klimaat- ôfspraken.

Enerzjybesparring en betelbere enerzjy

Mei fergees enerzjyadvys foar elk wolle we der need foar stean dat elkenien yn de gemeente duorsum libje kin. Wy sette dêrby stevich yn op enerzjybesparring, want besparre enerzjy hoege jo net op te wekken en te beteljen. Wy sette doelbewust enerzjycoaches yn om kânsen om te besparjen foar wenningen yn kaart te bringen. Ek biede se in pakket fan fergeze tsjinsten oan ornearre foar minsken dyt dat sels lestich betelje kinne. Tink oan siichstripen, ledlampen en it enerzjysunich ôfstellen fan de cv-tsjettel. Dat soarget foar in better klimaat en in legere enerzjyrekken.

Klimaatbestindich en -adaptif

Ekstreem waar sil him aloan faker foardwaan. Om de effekten dêrfan op te heinen, silje we grutte dielen fan de gemeente klimaatbestindich meitsje. Dat betsjut dat we better taret binne op de gefolgen fan ekstreme hjiite, in soad delslach, drûchte en stoarmen. Sa sette we yn op mear wetterberging en op koelte troch mear grien. By gebietsûntwikkelingen is in klimaatbestindige ynrjochting ien fan de rânebetingsten. Sa soargje we derfoar dat it te ûntwikkeljen gebiet bydraacht oan it griener meitsjen en oan duorsum gebrûk.

Griener meitsje troch beammen

Ljouwert kleuret grien. De kommende jierren plantsje we in soad beammen foar in griene en sûne gemeente. Sa geane we klimaatferoaring tsjin, fergrutsje we it bioferskaat en soargje

we foar in sûne en noflke leef-omjouwing. Beammen soargje omers foar it fêsthâlden fan wetter, foar skaad, ferkuolling en nêstgelegenheid. Dat dogge we yn de stêd, de doarpen en yn it bûtengebiet. Dêrby sykje we ek oansluting by de boskestrategie fan ûnder oaren de provinsje.

Gearwurkje oan in duorsum Ljouwert

Mei it programma Volhoudbaar wurkje we oan in duorsum Ljouwert. Wy leverje ús oandiel oan de klimaatdoelstellingen fan de Ryks-oerheid. Dêr geane we de kommende perioade fol ambysje mei troch. Wy rjochtsje in gemeentlik fûns op foar klimaat, enerzjy en bioferskaat. Wy foarsjogge in wichtige rezjyrol foar de gemeente, mar rekkenje ek op jild fan de Ryks-oerheid en fan Europa. Wy wurkje gear mei de kennisinstellingen en organisaasjes op it mêd fan enerzjy, wetterkwaliteit, grûn en iten. Ek de enerzjykoöperaasjes binne wichtige gearwurkingspartners.

ÚTFIERINGSPROGRAMMA BINNENSTÊD

Wurkje oan in oantreklike en tagonklike binnenstêd

Ús binnenstêd is in plak dêr't minsken út stêd, doarpen en regio mei plezier wenje, wurkje, ûndernimme, winkelje en rekreëarje. Wy sette yn op in oantreklike en fitale binnenstêd. Mei goede foarsjenningen en in miks fan funksjes. Wy behâlde de histoarysk-romtlike kwaliteit om't dat wichtich is foar in oantreklike binnenstêd. Boppedat ûntwikkelje we de binnenstêd fierder as in oangenaam gebiet om te ferbliuwen mei romte foar kultuer, eveneminten en festivals. In plak foar moetingen, sawol saaklik as privee, dêr't nije ideeën ûntstean. Wy meitsje de stêd griener troch mear beammen te plantsjen. Ek geane we oan de slach mei it klimaatadaptif te meitsjen fan de binnenstêd. Binnenstêden soargje foar wurkgelegenheid en binne wichtich foar it fêstigingsklimaat. Dêrom stimulearje we ûndernimmerskip. Wy hawwe dêrby each foar in goede ferdieling fan funksjes tusken retail en hoareka. De kommende perioade silje we dy plannen fierder útwurkje yn in útfieringsprogramma.

In oantreklike binnenstêd is in auto-earme binnenstêd. In part fan de binnenstêd is al auto-earm. Dat wolle we útwreidzje. Dêrby meitsje we gebrûk fan de ûnderfiningen dy't we opdien hawwe op de Eewal. It auto-earm meitsjen kombinearje we fuortdaliks mei it griener meitsjen fan de binnenstêd. Dêrby hâlde we each foar oanhâldende tagonklikheid foar alle doelgroepen.



In sterke mienskip mei kânsen foar elkenien

MEI DE MAATREGELS ÚT DIT
HAADSTIK DRAGE WE BY
OAN DE FOLGJENDE GLOBAL
GOALS:



EIN OAN EARMOEDE



EIN OAN HONGER, SOARGEN FOAR
ITENSWISSICHHEID EN DUORSUME
LÂNBOU



SÛNENSSOARCH FOAR ELKENIEN



YNKLUSYF, LYKWEARDICH EN GOED
ÛNDERWIIS FOAR ELKENIEN



GELIKENSE RJOCHTEN FOAR MANLIJ
EN FROULJU EN EMPOWERMENT FAN
FROULJU EN FAMKES



IT FERMINDERJEN FAN
ÛNGELIKENSENS BINNEN EN TUSKEN
LANNEN



De kommende fjouwer jier wolle we de besteanswissichheid fan minsken ferbetterje en de kânsegelikens fergrutsje. Troch minsken mear mooglikheden te bieden om har te ûntjaan en mei te dwaan. Wy sette ús yn foar in sterke sosjale basis yn wiken en doarpen, in feilige en sûne leefomjouwing en in noflikke buert. Wy wurkje oan in krêftige mienskip fan minsken. Yn 'e mande mei ynwenners, bedriuwen, skoallen, soarchfersekerders en maatskiplike organisaasjes. Yn de stêd en yn de doarpen. Neist jild foar spesifike spearpunten komme we mei in fûns foar maatskiplike fernijing en previnsje. Ek foegje we struktureel ekstra jild ta oan de Ympuls Sosjale Ynvestearringen (ISI).

Fan bystân nei wurk

By it fergrutsjen fan besteanswissichheid spilet wurk in wichtige rol. Wy wolle safolle mooglik minsken oan in baan helpe. It fergruttet de kâns om mei te dwaan en ûnderdiel te wêzen fan de mienskip. Wy sette yn op it trochbrekken fan fisieuze sirkels en it weinimmen fan beheiningen. Ús eigen ynset hâlde we ek tsjin it ljocht. Dogge we it goed of kin it better? Dy fraach stelle we fansels ek oan de minsken foar wa't we dit dogge.

De ôfrûne jierren binne foaral kânsrike minsken út de bystân útstreamd. Minsken mei minder kânsen op wurk krije dêrom no mear omtinken. Wy starte in pilot dêr't we likernôch 25 persoanen in basisbaan yn biede. Dat is sinfol wurk, as it mooglik is yn de eigen wyk of it eigen doarp, mei in folweardich ynkommen. Wy sille útsykje hoe't de Ljouwerter fariant fan de basisbaan derút komme kin te sjen. Dêrby behelje we ek it takomstplan fan Caparis. Ien fan de mooglikheden is it ynrjochtsjen fan in sosjale ûndernimming (wurktitel: 'Buitenkans') dêr't ferskate doelgroepen nei fermogen yn meidogge en dy't de mooglikheid biedt om stapsgewijs troch te streamen nei in reguliere wurkomjouwing.

Útstream út de bystân giet faak stadichwei, earst mei in beheind tal oeren. Wy wolle minsken stimulearje om dy stap te setten en fine it wichtich dat wurkjen leannet. Dêrom ferheegje we de romte om by te fertsjinjen neist

de bystânsútkearing nei 25% fan elke fertsjinne euro. Oant wat wetlik tastien is.

In groep minsken slagget it spitiger-nôch net om út de bystân te kommen. Dy minsken litte we net yn de steek. Krektoarsom, wy sille de tsjinstferliening fan de gemeente ferbetterje. Sa jouwe minsken oan ferlet te hawwen fan persoanlik kontakt. Dêrom starte we in pilot om fia húsbesites mei dy groep kontakt te hâlden.

Earmoede foarkomme

Yn Ljouwert hat 1 op de 5 húshâldens in ynkommen leger as 125% fan it wetlik sosjaal minimum. Dat makket dat ek in soad bern yn earmoede opgroeie. Wy wolle tefoaren komme dat earmoede fan generaasje op generaasje oergiet. Oplieding en wurkegelegenheid. De oanpak fan skulden sille we ienfâldiger meitsje en earder oppakke. Sadat we skulden yntiids opmerke of, noch leaver, tefoaren komme foar't de mooglike finansjele problemen net mear oer te sjen binne. Mienskiplik mei ynwenners en partners sette we yn op oplossingen dêr't ynwenners werklik wat oan hawwe. Sa wolle we tefoaren komme dat ynwenners jierrenlang finzen sitte yn in fisieuze sirkel fan boetes en oprinnende rinten.

Opheinen fan flechtlingen

Wy slute ús eagen net foar ûntjouwingen yn oare parten fan de wrâld. Ljouwert stiet iepen foar it opheinen fan flechtlingen en wy wolle ús oandiel leverje yn de opfang. Mei it COA wurkje we oan de fêstiging fan in permanint AZC.

Kânsrike start foar ynboargers

Ynvestearje yn ynboargering en yntegraasje leannet. Statushâlders kinne in wêzentlike bydrage leverje op de krappe arbeidsmerk. Mei de ynfiering fan de nije Wet Ynboargering ûntstiet in groep fan ynboargers dy't net ûnder de nije wet falle, mar ek net (langduerich) gebrûk meitsje kinne fan foarsjenningen fan de âlde wet. Wy drage deroan by dat dy minsken dochs in kânsrike start yn ús mienskip meitsje kinne.

Nije fisy op sûnens

Sûnens is in wichtige pylder ûnder in lokkich en aktyf libben. Spitiger-nôch is in goede sûnens net foar elk fanselssprekkend. It opliedingsnivo of de wyk dêr't jo hikke en tein binne, is fan ynfloed op de libbensferwachting fan minsken. Wy wolle dêrom mear as no ynsette op it sa ier mooglik, al foar de berte, lytser

GIJS JACOBSE

WETHÂLDER ÚT NAMME FAN
GEMEENTEBELANGEN LJOUWERT
PORTEFÛLJE: BEHEAR IEPENBIERE
ROMTE, TSJINSTFERLIENING, SPORT EN
BEDRIUWSFIERING

'Alles yn myn portefûlje hat te krijen mei saken dy't tichtby minsken stean. Ynwenners fan Ljouwert moatte yn in noflikke en feilige buert libje kinne. Dat fyn ik wichtich. Ik wol de sosjale koheezje yn ús doarpen en wiken fersterkje. Mei-inoar dingen dwaan is fan grutte wearde, want it libben krijt betsjutting yn relaasje mei in oar. Ek in oantreklike fysike leefomjouwing is in prioriteit foar dit kolleezje. Sa wolle we mear romte jaan oan grien en natuer. En tagelyk noed stean foar in kreaze buert, bygelyks troch it bestriden fan ûnkrûd en swerfôffal. Ik fyn it in foarrjocht om mei oaren ditsoarte ambysjes te realisearjen. Ik sjoch út nei dy gearwurking!'

**'Ynwenners fan de
gemeente Ljouwert
moatte yn in noflikke
en feilige buert
libje kinne'**



PROGRAMMA LJOUWERT EAST

Mei-inoar wurkje oan leefberens

Mei in spesjaal programma meitsje we de kommende tweintich jier mei fyftich partners yn de stêd Ljouwert East leefberder. Elk moat der noflik wenje kinne, mei in goed oplieding, in folwearlich ynkommen en in goede sûnens. It programma is ûnderdiel fan de lanlike wykoanpak rjochte op sechtjin kwetsbere gebieten. De grutste opjefte is it trochbrekken fan earmoede fan generaasje op generaasje. Wy wolle tefoaren komme dat minsken skulden krije en dat jongerein yn de bystân komt. Om in trochbraak te forsearjen sille we by wize fan pilot de skulden fan 100 húshâldens folslein kwytstelle, sadat dy gjin beheining mear foarmje om mei te dwaan yn de mienskip. Wy nimme ek klimaatadaptive maatregels yn de iepenbiere romte en we ferduorsumje goed 1.600 partikuliere wenningen. Dêr draacht it Ryk € 20,5 miljoen oan by. De ûnderfiningen dy't we binnen it programma opdogge, wolle we ek yn oare parten fan de gemeente brûke.

meitsjen fan sûnensferskillen en sûnensefterstannen, it ferbetterjen fan de mentale sûnens, in sûne fysike leefomjouwing en fitaal âlder wurde. Dêrmei ferleegje we ek de druk op de sûnenssoarch. Wy ûntwikkelje in nije fisy op sûnens dêr't positive sûnens sintraal yn stiet. Dêrby leit de klam op de fearkrêft, eigen rezjy en it oanpassingsfermogen fan de mins en net op de beheiningen of de sykte sels. Wy wolle de húsdokterssoarch minimaal op it besteande nivo hâlde. Dêr sette we ús yn 'e mande mei de húsdokters foar yn. Ek wolle we mear gearwurkje mei de soarchfersekerder op it mêd fan previnsje.

Sporte om de sûnens te befoarderjen

Sport draacht by oan de positive sûnens fan ús ynwenners. We losse de knyp punten dy't ûntstean yn it gebrûk fan gemeentlike sportakkommodaasjes op. Ek geane we oan de slach mei nij sportbelied. Neist breedtesport krije ek topsport en in fisy op swim-baden dêr in plak yn. Wy hâlde de goede basisynfrastruktuer foar sport-beoefening op it hjoeddeistige nivo en meitsje dêrom struktureel mear jild frij foar ús opdracht oan bv SPORT.

Wy rjochtsje ús iepenbiere romte beweechfreonlik yn, bygelyks troch it Athletic Skills Model ta te passen³. Ek wolle we yn Middelsee in nij sportkompleks realisearje. Mei ús partner bv SPORT geane we troch mei it ynsetten fan de buertsportcoaches om sporten en bewegen ûnder ús ynwenners te stimulearjen. Wy ûnder-sykje ek de mooglikheid om in grut ynternasjonaal sportevenemint nei Ljouwert te heljen.

Kânsrike start foar bern

Bern moatte har ûntwikkelje kinne yn goede sûnens en yn in feilige en stimulearjende omjouwing. Thús, op skoalle en yn de wyk. De kânsen dêrop binne net gelyk ferdield. Wy fine dat alle bern deselde mooglikheid op in goede start hawwe moatte. Mei it projekt Kânsrike Start biede we bern de earste 1.000 dagen fan har libben de bêst mooglike start en dêrmei in optimale kâns op in goede takomst.

Kânsegelikens yn it ûnderwiis

Wy fergrutsje ek de kânsegelikens troch ûnderwiisefterstannen by bern jonger as 12 jier tsjin te gean. Wy bouwe de IKC-ûntwikkeling fierder út. Troch ûnderwiis, previnsje en soarch mei-inoar te ferbinen, ûntstiet in stevige stipestruktuer foar bern yn it primêr ûnderwiis. Foar bern yn it fuortset ûnderwiis en it mbû lizze we it aksint op it heljen fan yn alle gefallen in startkwalifikaasje, it tefoaren kommen fan skulden as folwoeksene en it ferbetterjen fan 'e sûnens.

Elkenien kin meidwaan

Wy fine it wichtich dat elkenien meidwaan kin yn de mienskip, it leafst sa ticht mooglik yn de buurt. Meidwaan jout doel oan it libben en hat in positive ynfloed op de mentale en fysike sûnens. Bist earm of ryk, siik of sûn, hast al of net wurk, bist leech oplaaf of krekt heech oplaaf: dy ferskillen meitsje foar in grut part út oftst oan de mienskip meidwaan kinst en wolst. Minsken dy't dat net op

eigen krêft slagget, biede we stipe en perspektyf. Sa wolle we in pas om mei te dwaan ynfiere dy't folwoeksene mei in bytsje jild by steat stelt om oan kulturele, sportive of sosjale aktiviteiten yn Ljouwert mei te dwaan. In fergelykbere foarsjenning is 'Sam& voor alle kinderen'. Dêrneist helpt de 'Voorzieningswijzer' minsken om mear en better gebrûk te meitsjen fan de foarsjenningen dy't der lokaal en lanlik binne.

Gjin nije stelselwiziging

Wy fine it wichtich dat ynwenners dy't no soarch krije, dy soarch ek hâlde kinne. De kommende kolleezjeperioade wolle we minsken dêrom de tiid jaan om te wennen oan de wizigingen dy't de ôfrûne jierren yn de soarch trochfierd binne. Wat ús oangiet dus gjin nije stelselwiziging, mar wol in fierdere ûntwikkeling en ferbettering fan gemeentlike foarsjenningen. Allinnich as it Ryk dat fan ús easket, passe we saken fûneminteel oan.

Fersterkjen sosjale basis

Wy steane foar in mienskip mei in sterke sosjale basis. Dêr't boargers ferantwurdlikheid yn nimme en nei-inoar fiele, foarinoar klearstean en inoar helpe. Ek de kommende perioade fersterkje we de sosjale netwurken fan boargers, bewenners en kliïnten. Bygelyks fia wykpanels, buertkeamers en wurk spesifyk rjochte op de wyk. De ynset fan frijwilligers is yn sa'n mienskip fan krúsjaal belang. Yn gearwurking mei ús partners sille we har dêr mear by stypje.

³ It Athletic Skills Model (ASM) is in oare wize fan tinken oer bewegen wêrby't in sûn libben mei minder blessures, minder útfal en mear plezier foar elke beweging sintraal stiet.

De kommende fjouwer jier wolke we de besteans-wissichheid fan minsken ferbetterje en de kânsegelikens fergrutsje.

In goede en lykwichtige sprieding fan maatskiplik fêstgoed⁴ is fan belang foar in sterke, sosjale ynfrastuktuer. Wy besjogge oft we maatskiplik fêstgoed tafoegje moatte, bygelyks yn de Súdlanan of foar de útfiering fan de doarpsfisy Grou. Ek ynvestearje we de kommende jierren yn it ûnderhâld en duorsumer meitsjen fan gemeentlike gebouwen. Wy sille de kommende jierren trochgean buert-, wyk- en doarpshuzen dy't eigner binne fan harren akkommodaasjes, fia in subysdzjeregeling te kompensearjen foar de hegere OZB-lêsten as gefolch fan dat eigendom.

De kommende perioade hâlde we al ús ynspanningen foar de sosjale basisynfrastuktuer tsjin it ljocht. Dat dogge we yn 'e mande mei ús partners yn de sosjale basis en ûnderfinings-saakkundigen. Wy ûndersykje wat de sosjale basis nedich hat, hokker gemeentlike ynset it meast effektyf is en hoe't jo de minsken berikke dy't it it hurdste nedich hawwe.

Mear omtinken foar ynklúzje

Ferskaat is in krêft fan Ljouwert dy't we graach hâlde wolke. Dat skept ferplichtingen. De kommende perioade sille we bysûnder omtinken jaan oan ynklúzje. Wy wolke dat elkenien, hoe ferskillend we ek binne en mei hokker beheiningen en útdagingen we ek kampe, folweardich ûnderdiel wêze kin en mei fan de Ljouwerter mienskip. Dêrmei is ynklúzje in wichtige karstien by alle útdagingen dêr't we as mienskip en gemeente foar steane. Oan de iene kant sille we ynvestearje moatte yn de ûntplooiing fan it yndividu en oan de oare kant soargje moatte foar de goede rânebetingsten sadat elkenien ek wier meidwaan kin en him akseptearre fielt. Dat dogge we oan 'e hân fan ús Lokale Ynklúzje-aginda dy't we fierder útwurkje en útfiere. Ek besteegje we bysûnder omtinken oan leechgeletterdheid, bygelyks troch kommunikaasje fan de gemeente begrypliker te meitsjen.

⁴ Dêrby giet it om gebouwen of terreinen foar maatskiplike funksjes of aktiviteiten, bygelyks op it mêd fan ûnderwiis, sport, kultuer, wolwêzen, maatskiplike opfang en soarch.

NATHALIE KRAMERS
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN GROENLINKS
PORTEFÚLJE: JONGEREIN,
ÛNDERWIIS, SÛNENS EN
FLECHTLINGEN

‘De grutste útdaging is om it ienfâldiger te meitsjen’

‘In kânsrike start foar jongerein. Dat fyn ik wichtich. Oer fjouwer jier wol ik oanwiisber mear gelikense kânsen kreëarre hawwe foar bern yn it ûnderwiis, sadat se wurde kinne wa't se wurde wolke. Dêrneist moat de stim fan jongeren as fanselsprekkend rûnom trochkinke. Sy moatte meibeslisse kinne oer de ûnderwerpen dy't har oangean. De grutste útdaging dêrby is om it ienfâldige simpel te hâlden. Wy hawwe in hiel soad yngewikkelde systemen. Wy moatte ôf fan de sketten tusken jongerein, ûnderwiis en soarch. De leefwrâld fan minsken moat sintraal stean yn ús belied. As wethâlder wol ik de mienskip yngean en de minsken moetsje om wa't it giet. Dêr sjoch ik nei út.’



Betelber wenjen yn in sûne en feilige leefomjouwing

**MEI DE MAATREGELS ÚT DIT
HAADSTIK DRAGE WE BY
OAN DE FOLGJENDE GLOBAL
GOALS:**



IT FERMINDERJEN FAN
ÛNGELIKENSSENS BINNEN EN TUSKEN
LANNEN



MEITSJE STÊDEN EN DOARPEN
YNKLUZYF, FEILICH, FEARKRÊFTICH EN
DUORSUM



IT BEFOORDERJEN FAN FEILICHHEID,
PUBLIKE TSJINSTEN EN RJOCHT FOAR
ELKENIEN



Wenjen is as earste libbensferlet wichtich foar de besteanswissichheid fan minsken. Wy wolle elkenien in goede en betelbere wenning yn in sûne en feilige leefomjouwing biede kinne. Mei in fariearre oanbod fan keap- en hierwenten wolle we tefoaren komme dat besteande en nije wiken de takomstige efterstânwiken wurde. Polarisearring en it ferhurdzjen en rûger wurden fan de mienskip drage by oan gefoelens fan ûnfeilichheid en oarsom. Kriminaliteit en oerlêst gripe fuortdaliks yn op de kwaliteit fan libjen. Minsken sjogge hieltyd faker nei de gemeente as oplosser fan problemen. Tagelyk is it fertrouwen yn de oanpak fan de gemeente ôfnommen. Al dy ûntjouwingen stelle hieltyd hegere easken oan it bestjoerlik en juridysk hanneljen fan de gemeente.

In passende wenning foar elkenien

De Ljouwerter befolking groeit stadich-oan troch. Dat komt benammen troch binnenlânske migraasje en de komst fan ynternasjonale studinten en statushâlders. Wy monitoarje geregeld de fraach nei wenningen en passe ús bouprogramma dêrop oan as dat nedich is. Krekt as yn de rest fan Nederlân hawwe we in flinke wentebou-opjefte. Yn Ljouwert moatte we foar 2030 yn alle gefallen 5.800 wenningen bybouwe. Dêr boppe-op kin Ljouwert in ekstra bydrage leverje oan de nasjonale bou-opjefte. Útgangspunt dêrby is dat de ekonomyske posysje fan it Noardlik lânsdiel fersterke wurdt, ynklusyf in flugge spoarferbining en ynvestearringen yn de ekonomyske struktuer. Dêrfoar wurkje we yn 'e mande mei ynwenners it Deltaplan út.

De beskikbere grûn is krap. Dat jildt ek foar grûnstoffen en de kapasiteit fan it enerzjynetwurk. Ek de stikstofkrisis is in komplisearjende faktor. Wy wolle twatredde fan de wentebou-opjefte oant 2030 binnen besteand beboud gebiet realisearje. Dêrom stelle we in nije strategy fêst dêr't it gauwer realisearjen fan ambysjes en it fergrutsjen fan de omjouingskwaliteit hân yn hân by gean. Dêrby hawwe we omtinken foar de bou fan ekstra sosjale hierwenningen, ekstra studinte-húsfêsting en ekstra wenningen yn doarpen. Nije binnenstedske miljeus meitsje groei mooglik, meitsje de stêd mear divers en fersterkje de oanlûkingskrêft en regionale posysje.

Wy wolle in gemeente wêze dy't net ferdield is en dêr't elk him thúsfielt. Dêrom biede we yn ús wiken en doarpen in fariearre wenningoanbod foar ferskate leeftiden en ynkommens-groepen. Wy fine in goede wenning foar elkenien wichtich, mar dy moat ek betelber en enerzjysunich wêze. Dêrom wolle we dat 30% fan it folsleine nijboupprogramma bestiet út sosjale hierwenningen. Mei wentebou-koöperaasjes en -ûntwikkelders meitsje we dêr ôfspraken oer.

Wenningsykjenden meie it net langer ôflizze tsjin belizzers. Dêrom wolle we yn beskate wiken en/of doarpen in selswenningplicht. Dêrmei krijt elk, ek de kwetsbere doelgroepen en âlderen, in earlike kâns op in passende wenning. Yn in húsfêstingsferoarding wolle we wêr't dat nedich is partikuliere ferhier, wenningtawizing en in ferbod op twadde wenningbesit regelje.

Bouwe foar de takomst

De Omjouwingsfisy foarmet it ramt foar gebiertsûntwikkeling en stedske fernijing. Wy ynvestearje flink yn de romtlike ûntwikkeling fan ús stêd en ús doarpen. Wy finansierje dat ûnder oaren út it op te rjochtsjen fûns foar strategyske ûntwikkeling en ynnovaasje. Grutte projekten lykas Spoordok (dêr't ek de Harlinger-trekweg, Tesselschadestraat en it WTC-gebiet ta hearre), Nieuw Oud Oost, de binnenstêd en Súdlanan/Middelsee fergrutsje de romtlike kwaliteit. Ek by de gebiertsûntwikkelingen yn doarpen,

lykas by it Steenslân yn Stiens of de eardere skoallokaasje yn Hilaard, stribje we nei hege kwaliteit mei tafoege wearde foar it doarp.

Wy ferkenne de mooglikheid om benammen op nije, relatyf lytsskalige lokaasjes wenningen ta te foegjen. Fierder wolle we wurk meitsje fan nije binnenstedske ûntwikkeling. Bygelyks troch leechsteand fêstgoed te transformearjen en net brûkte plakken te ûntwikkeljen. Ek foar ûntwikkelingen yn de doarpen jildt dat gjin inkeld doarp op slot stiet en dat ynwreidzjen de foarkar kriget boppe útwreidzjen.

Energzy en klimaat krije mei klam in plak by gebiertsûntwikkelingen. Bio-based bouwen is dêrby it útgangspunt. Wy wolle dat yn 2030 sirkulêr bouwen de noarm is foar alle nije gebouwen. As gemeente jeie we de dêrfoar nedige ynnovaasje oan troch yn ús útfragen foar nije romtlike ûntwikkelingen konkrete doelstellingen op it mêd fan sirkulariteit op te nimmen. Yn 'e mande mei it team fan Ryksadviseurs wurkje we boppedat oan in priisfraach foar biobased en sirkulêr bouwen yn Ljouwert. Dêrmei jouwe we ús dielname oan de City Deal Circulair en Konzeptueel Bouwen konkreet ynfolling.

Yn 'e mande mei de provinsje Fryslân en mei it ûnderwiis geane we oan de slach mei ûntwerpend ûndersyk. Mei dy ynnovative ûndersyksoanpak tinke we mei-inoar nei oer oplossingen foar lokale, mar ek regionale romtlike útdagingen.

HEIN DE HAAN
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN DE PVDA
PORTEFÛLJE: WENJEN,
ROMTE EN LEEFOMJOUWING,
GEBIETSÛNTWIKKELING

‘Alle Ljouwerters in goed thúsjaan. Dát is dêr't ik de kommende fjouwer jier oan wurkje sil. Thús is in plak mei persoanlike wearde wêrút wei jo it libben yn 'e mjitte gean. Om elkenien sa'n thúst te jaan, binne mear wenningen nedich. Wenningen dy't betelber en duorsum binne. Yn de stêd en yn ús doarpen. Der stean moaie projekten op priemmen. Tink oan Spoardok Ljouwert. In hip sikje stêd mei bysûndere arsjitektuer en nije foarmen fan mobiliteit. En ik hoopje ek dat we it nije Cambuurstadion iepenje kinne. Moai om dat mei de mienskip te dwaan. Eins bouwe we alle dagen oan in nije skiednis foar de takomst!’

‘Wy bouwe alle dagen oan in nije skiednis foar de takomst’





Ek stelle we in gemeentlike Stedsboumaster oan. Sa fersterkje we de strategyske tinkkrêft op it mêd fan gemeentlike gebietsûntwikkeling.

Hounspolder – De Hem

Wy geane troch mei de ûntwikkeling fan de Súdlanan. Dêrby hawwe we ekstra omtinken foar de beskerming fan greidefûgels (sjoch ek haadstik 2). Binnen de fêststelde stêdeboukundige plannen fergrutsje we de buffersône tusken De Hem en de Hounspolder en passe de bebouwing dêrop oan. Foarútrinnend op it takomstige byldkwaliteitsplan sjogge we hokker type wenningen oan de eastlike râne fan De Hem dêr noch in ekstra bydrage oan leverje

kinne. Fan it gebiet De Waard meitsje we in nij greidefûgelgebiet. Dat gebiet is gâns grutter as de Hounspolder. By de ynrjochting fan dat gebiet soargje we derfoar dat, krekt as by De Hem, de natuerlike fijannen fan de greidefûgel (‘predatoaren’) gjin tagong krije.

Kapitaalgoed op oarder

Wy sette de kommende jierren flink yn op it op oarder bringen en hâlden fan de tûzenen kapitaalsaken dêr’t we ferantwurdlik foar binne. Tink dêrby oan wegen, fytspaden, brêgen, ferljochting, grien, boarterstunen, kaden en wetter. Wy jouwe prioriteit oan ûnderhâld, behear en ferfanging. Dêrby meitsje we mearjierrige

ôfwagings. Wy sjogge aloan faker nei it funksjonearjen fan in gebiet as gehiel. Dêrby hâlde we rekken mei de technyske easken foar yndividuele objekten. De feilichheid fan de leef-omjouwing mei fansels nea oan de oarder komme. By it ûnderhâld wolle we safolle mooglik gebrûk meitsje fan sirkulêre materialen. Ek besteegje we omtinken oan it fergrutsjen fan de natuerwearden en it fersterkjen fan it bioferskaat. In soad kapitaalsaken binne sa’n 60 oant 40 jier ferlyn oanlein en dy moatte we de kommende tiid mooglik ferfange. Yn de kommende kolleezjeperioade stelle we fêst hokker ferfangingen ûnûntkomber binne. Dêrby sjogge we kritysk nei de technyske libbensdoer fan ús kapitaalsaken. Ferfanging útstelle troch tûk ûnderhâld hat ús foarkar.

ferpakkingsyndustry de kommende jierren aktyf bydrage sil oan de oanpak fan swerfôffal. As it nedich is folje we de middels sels oan.

Meanbelied en ûnkrûdbestriding

It grien yn de gemeente bestiet foar in grut part út gers. Dat gers meane we. Ferheegjen fan it bioferskaat en it werombringen fan natuerwearden freget mooglik om oanpassingen yn it meanbelied. Dat silje we ûndersykje. Útgongspunt is in meanbelied dat goed útfierber is en mei maatwurk wêr nedich. Natuerlik gers kinne we nammentlik oars meane as in boarterstún. Ek yntinsivearje we ûnkrûdbestriding op ferhurdingen. Sa ferbetterje we de útstrieling fan wiken en doarpen.

Ûndermining

Ûndermining is in groeiend probleem dat ús mienskip bedriget. De oanpak dêrfan freget hieltyd mear omtinken. Tink oan de oanpak fan drugs-kriminaliteit, bedriging of strjit-yntimidaasje. Datsoarte kriminaliteit en oerlêst is fan ynfloed op it feilichheidsgefoel fan ynwenners en taast de fûneminten fan de rjochtssteat oan. Dêr komme ekstra middels en formaasje foar beskikber.

Previjsje yn feilichheidsbelied

Wy wolle dat previjsje in folweardich ûnderdiel is fan it feilichheidsbelied. Mei projekten en programma’s, bygelyks op it mêd fan jeugd-kriminaliteit, ûndermining en cyber-security, wolle we problemen oanpakke en slimmer tefoaren komme.

Feilichheidsbelied freget om in goede gearwurking mei lokale en regionale partners op dat mêd. De kommende perioade ynvestearje we yn ekstra kapasiteit foar feilichheid. Yn de nij op te stellen Ramtnota Feilichheid wurkje we dat út. Ek evaluearje we it prostitúsjebelied. Dêrneist geane we fierder mei de oanpak foar minsken dy’t gauris belutsen binne by it fersteuren fan de iepenbiere oarder. Ek dêrby is omtinken foar it bieden fan kânsen en perspektyf.

Út it lanlike programma ‘Preventie met Gezag’ is jild beskikber foar in oanpak dy’t spesifyk rjochte is op jongeren yn in wyk. Troch yn te setten op bewustwurding en striidberens én it bieden fan oare perspektiven, kinne we tefoaren komme dat jongeren tajouwe oan in karriêre yn de kriminaliteit. Wy silje in plan fan oanpak opstelle. Dêrby leit de fokus op Ljouwert East.

Hanhavenjen iepenbiere feilichheid

Wy wolle ús ynwenners en besikers in leefbere en feilige omjouwing biede. Hanthaveners hawwe dêr in wichtige rol yn, tink oan parkearkontrôles, by demonstraasjes, eveneminten of heftige ynsidinten. De lêste jierren krije se yn har wurk te meitsjen mei de gefolgen fan polarisaasje en maatskiplike ûnrêst. Se ferrjochtsje aloan mear en hieltyd kompleksere taken. Dat freget noch mear ôfstimming mei ûnderskate partners. De tanommen fraach nei ynset bringe we mear yn lykwicht mei de dêrfoar beskikbere kapasiteit. Foarútrinnend op de evaluaasje fan de Ramtnota Hanthavening ynvestearje we yn ekstra kapasiteit. Foarearst earst op ynsidintele basis. De evaluaasje, dy’t it brede terrein fan hanthavening (iepenbiere feilichheid, mar ek lûdsoerlêst, bou- en brânfeilichheid) omfettet, kin noch wer liede ta it opnij oerwagjen fan de ynset fan middels.



Foaroprinnend yn kultuer en eveneminten

MEI DE MAATREGELS ÚT DIT HAADSTIK DRAGE WE BY OAN DE FOLGJENDE GLOBAL GOALS:



GOEDE SÛNENS EN WOLWÊZEN



YNKLUSYF, LYKWEARDICH EN GOED
ÛNDERWIIS FOAR ELKENIEN



GELIKENSE RJOCHTEN FOAR MANLJU
EN FROULJU EN EMPOWERMENT FAN
FROULJU EN FAMKES



YNKLUSIVE, EKONOMYSKE GROEI,
WURKGELEGENHEID EN FATSOENLIK
WURK FOAR ELKENIEN



YNFRASTRUKTUR FOAR DUORSUME
YNDUSTRY



IT FERMINDERJEN FAN
ÛNGELIKENSENS BINNEN EN TUSKEN
LANNEN



DUORSUME KONSUMPSJE EN
PRODUKSJE



Kultuer hat in wichtige sosjaal-maatskiplike mearwearde. Troch by te dragen oan wolwêzen en ûntwikkeling fan jong en âld. Troch ferskate befolkingsgroepen mei-inoar yn kontakt te bringen. Troch grutte maatskiplike útdagingen sichtber en besprekber te meitsjen. En dêrfoar kreative oplossingen te betinken. Dêrneist hat kultuer in ekonomyske funksje. It makket de gemeente oantreklik foar toeristen, ynwenners, studinten en kultuermakkers. Mei in foaroprinnend oanbod fan kultuer en eveneminten set Ljouwert him regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal op 'e kaart. Yn 2022 mei it 100 dagen duorjende kultureel programma Arcadia, it ferfolch fan Kulturele Haadstêd. Ek by de folgjende edysje yn 2025 binne wy ien fan de haadpartners.

Kultuerfisy 2021-2028

As Ljouwert wolle we ien fan de foaroprinnende stêden fan Nederlân wêze. Ús ûnderskiede mei in kultureel oanbod dat regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal opfalt. Dêrfoar is mear nedich as it hjoeddeistige ambysje-nivo. Dêrom meitsje we ekstra jild frij foar kultuer om ambysjes út ús Kultuerfisy 2021 – 2028 realisearje te kinnen. Neist in sûne basis (kulturele basisynfrastruktuer op oarder), meitsje we ek romte foar (jonge) makkers, foar inisjativen dy't bydrage oan in ynklusive mienskip (meidwaan), foar kwalitatyf heechsteande produksjes dêr't talintûntwikkeling in rol yn spilet en foar grutte publykseveneminten (yn gearhing mei Arcadia). Wy nimme finansjele knyp punten wei by kulturele ynstellingen (dbieb en De Harmonie). Mei in spesjaal budzjet foar jonge makkers stimulearje we boppedat nije, kânsrike inisjativen dy't ús ek lanlik en ynternasjonaal op 'e kaart sette kinne. Sy binne fan krúsjaal belang foar ynnovaasje, eksperimint en opfallende artistike produksjes.

Kultuer as motor foar maatskiplike feroaring

Kultuer hat ek in wichtige maatskiplike funksje troch by te dragen oan bygelyks moeting, ynklúzje, bestriding fan leechgeletterdheid en fitaal âlder wurde. Wy wolle kultuer noch faker

ynsette om op in fernijende wize maatskiplike fraachstikken op de aginda te setten en te besprekken mei ús ynwenners. Wy finansierje dat ûnder oaren út it op te rjochtsjen fûns foar maatskiplike fernijing, previnsje, sport en kultuer.

Kultueredukaasje en talintûntwikkeling

Kultuer draacht dêrneist by oan in goede ûntwikkeling fan bern en jongerein. Wy wreidzje dêrom ús ynset op kultueredukaasje út nei it fuortset ûnderwiis en de foarskoalske edukaasje, lykas de berne-opfang. Wy stimulearje talintûntwikkeling troch jeugdopliedingen goed foarm te jaan.

Kultuer as sosjaal bynmiddel

Kultuer is in sosjaal bynmiddel en soarget foar sosjale koheezje yn wiken en doarpen. Wy wolle dat elkenien yn oanrekkening komme kin mei keunst en kultuer. Sa drage we by oan in ynklusive mienskip. Wy soargje foar mear kultuer yn wiken en doarpen wêrby't de Fryske eigenheid en kultuer in prominente rol krije. Bygelyks troch it stimulearjen fan amateurkeunst en muzykkorpsen.

Frysk en Liwwadders

Wy koesterje de meartaligens yn ús gemeente. Dat unike skaaimerke wolle we mear sichtber meitsje, bygelyks troch it sterker te ferbinen mei Ljouwert UNESCO City of Literature dat him ynset foar in bloeiend en meartalich literêr klimaat. Ek dêr wolle we de kommende perioade ekstra yn ynvestearje. Wy stelle ek wer in stedsdichter oan. As haadstêd fan Fryslân wolle we it Frysk útdrage, mar ek it Liwwadders. Wy hawwe omtinken foar it behâld fan dy taal en it brûken dêrfan. De gemeente stimulearret

it brûken fan de eigen taal. Wy sille in Wike fan de Fryske en Ljouwerter Kultuer organisearje. Wy meitsje dêrfoar, mei de partners, jild frij.

Eveneminten

Ljouwert hat besikers in soad te bieden. De ôfrûne jierren is dêrom ynset op kultuer, toerisme, eveneminten en marketing. Dat wolle we de kommende jierren fierder útbouwe, mar wol op in duorsume wize. Wy soargje foar in

kwalitatyf goed oanbod fan kultuer en eveneminten. Eveneminten binne wichtich foar in libbene stêd. Mar dy eveneminten moatte wol rekkenje kinne op draachflak fan ynwenners. Boppedat moat it yn balâns wêze mei de besteande kulturele (basis)-ynfrastruktuer. Mei attinte tsjinstferliening en goede fasiliteiten spylje we adekwaat yn op fragen en inisjativen út de mienskip. Neist de gruttere publykseveneminten wolle we de kommende jierren mei klam romte biede oan lytsskalige eveneminten dy't in wichtige bydrage leverje oan in libben (artistyk) klimaat.

Kultuer hat in wichtige sosjaal-maatskiplike mearwearde



In sirkulêre en konkurrearjende ekonomy

MEI DE MAATREGELS ÚT DIT
HAADSTIK DRAGE WE BY
OAN DE FOLGJENDE GLOBAL
GOALS:



YNKLUSIVE, EKONOMYSKE GROEI,
WURKGELEGENHEID EN FATSOENLIK
WURK FOAR ELKENIEN



YNFRASTRUKTUER FOAR DUORSUME
YNDUSTRY



IT FERMINDERJEN FAN
ÛNGELIKENSSENS BINNEN EN TUSKEN
LANNEN



DUORSUME KONSUMPSJE EN
PRODUKSJE

In duorsume, sirkulêre en konkurrearjende ekonomy dy't in bydrage leveret oan wolfeart en wolwêzen fan ús ynwenners. Dêr sette we op yn. Mei foldwaande wurk en ynkommen foar elkenien. In ekonomy dy't ek op langere termyn hâldber is en liedt ta nije wurkgelegenheid en ekonomyske kânsen. Mei in sterke basis yn kennis en ynnovaasje. Bygelyks op it mêd fan wettertechnology, agrifood, kreative yndustry en media. Mar ek mei omtinken foar fakmanskip en praktysk ûnderwiis. De histoaryske binnenstêd en ús foaroprinnend kultureel klimaat lûke jierliks in soad besikers en wettersporttoeristen. Ek dat kultuer- en wettersporttoerisme is in wichtige pylder ûnder ús ekonomy. Fierdere ferstedsking en fertichting yn de stêd liede ta in yntinsiver gebrûk fan it hjoeddeistige ferkearsnetwurk. Om de groei fan it tal ferkearsbewegingen op te heinen, kieze we foar duorsume mobiliteit. Mei mear klam op rinne, fytse en it iepenbier ferfier. Sa drage we by oan in sûne, bioferskate en leefbere stêd, dy't ek duorsum en klimaatbestindich is.

Sirkulêre ekonomy

Nederlân hat de ambysje om yn 2050 in mienskip sûnder ôffal te wêzen en op wei dêrhinne yn 2030 de helte minder materialen te brûken. Mei ús partners redusearje we it gebrûk fan materialen en kringe we it ôffal werom. Wy rinne yn Fryslân foarop yn de transysje nei in sirkulêre ekonomy en dêr sette we ek de kommende jierren maksimaal op yn. Wy sette Ljouwert op de kaart as it fêstigings-plak foar sirkulêre bedriuwen. Ek as gemeentlike organisaasje meitsje we de omslach nei sirkulêr. Sa keapje we safolle mooglik sirkulêr yn. Wy stypje bedriuwen by de omslach nei sirkulêr ynkeapjen en produsearjen. Dat jildt ek foar projekten fan kennisynstellingen dy't bydrage oan de transysje nei in sirkulêre ekonomy. Mei it nije ôffalbelied soargje we foar it faker wer opnij brûken fan grûnstoffen. Mei dy grûnstoffen meitsje we nije produkten mei nije wurkgelegenheid. Op 1 jannewaris 2023 sette we de folgjende stap mei de ynfiering fan it nije ôffalbelied en sille we wurkje mei fariabele tariven. By de ynfiering sjogge we fansels hokker lessen we leare kinne út oare gemeenten.

Ynnovaasje troch gearwurking

Yn 'e mande mei ûndernimmers, partners en kennisynstellingen wurkje we oan in oantreklik fêstigings-klimaat. Wy jouwe dêrby in poadium oan de sektoaren wetter, grûn, iten en toerisme. Wy stimulearje dat bedriuwen, opliedingen, kennis-ynstellingen en oerheden mei-inoar oplûke by ynnovaasjes foar grutte maatskiplike opjeften. Tink oan skjin drinkwetter, duorsume itensproduksje en betelbere enerzjyfoarsjenning. Dat dogge we yn in netwurk fan kampussen dêr't we kennis en ynnovaasje byinoar bringe. Ljouwert telt der yntusken seis: de Wetter-kampus, NHL/Stenden Kenniskampus, Dairy Kampus, Enerzjykampus, de Media Innovatie Kampus (MICA) en University Kampus Fryslân.

Wetsus

De Wetterkampus, mei ûndersyks-ynstitút Wetsus, makket Ljouwert in wrâldspiler op it mêd fan wetter en wettertechnology. Dêrmei is Ljouwert oantreklik foar bedriuwen en akademisy op dat ekspertgebiet. Boppedat is Wetsus in wichtige oanjager fan duorsume ûntjouwing en wurkgelegenheid. Ek yn dizze bestjoersperioade geane we troch mei

it finansjeel stypjen fan Wetsus. Yn gearspraak mei it Ryk sjogge we hoe't we dy finansiering foar de takomst goed organisearje kinne.

Sûne arbeidsmerk

Wy sette yn op goed wurk. De krappe arbeidsmerk biedt kânsen om safolle mooglik minsken oan it wurk te helpen. Wy geane duorsume relaasjes mei bedriuwen oan en stimulearje harren om fakatueres iepen te stellen. Ek wolle we de studinten dy't yn Ljouwert oplat binne, graach foar de stêd behâlde. In goed fêstigingsklimaat is dêr in wichtich betingst foar. Yn 'e mande mei eksterne partners sille we de kommende fjouwer jier it programma ûnderwiis Ekonomy & Arbeidsmerk útfiere. Wy fine it ek wichtich om minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk in folweardich plak te jaan. Net allinnich yn wurk dat al beskikber is, mar ek yn wurk dat we foar dy groep kreëarje. Ien fan de ynstruminten dêrfoar is de earder yn dit akkoart neamde basisbaan. Ús rol is dy fan bemiddeler. Wy stimulearje ynnovaasjes dy't mismatch tusken fraach en oanbod op de arbeidsmerk lytser meitsje. Wy jouwe dêrby wurkflierbegelieding yn de foarm fan in subsydje foar lytsere ûndernimmers, sadat sy minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk ek in fak leare kinne. Of

HEIN KUIKEN
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN DE PVDA
PORTEFÚLJE: WMO, FINÂNSJES, KULTUER
EN EARMOEDE

‘Der is gelokkich wer romte om te ynvestearjen’

‘Hoe soargje we derfoar dat elkenien alles út syn of har libben helje kin? By dy fraach leit myn hert. It is wichtich dat we de sosjale struktuer fan de gemeente fersterkje. Dat we wolfeart en wolwêzen better ferdiele, sadat mear minsken meiprofitearje kinne. Dêrneist wol ik my de kommende jierren ynsette foar in oantreklike gemeente mei kleur op de wangen. Der is sûnt 2018 safolle berikt. Dat nivo moatte we fêsthâlde en fersterkje. Foar dy en oare ambysjes moatte we as gemeente fansels finansjeel sûn wêze. Nei in tal swiere jierren is der gelokkich wer romte om te ynvestearjen. It nije kolleezje barst fan de enerzjy om mei-inoar en mei oare partijen stappen foarút te setten. Mei-inoar bouwe oan de takomst!’

**In duorsume,
sirkulêre en
konkurrearjende
ekonomy dy't in
bydrage leveret
oan wolfeart en
wolwêzen fan ús
ynwenners.**

we begeliede dy groep nei praktysk ûnderviis dêr't se in oplieding krije foar banen dy't der binne, foaral yn de soarch en it midden- en lytsbedriuw.

Sûne, duorsume en feilige mobiliteit

De feroaring en groei fan mobiliteit fange we op troch te ynvestearjen yn rinnen, fytsen en iepenbier ferfier. It tal ferpleatsingen oant 7,5 km nimt ta. Mei de komst fan e-bikes en speed pedelecs ferskoot de grins rjochting 25 kilometer. Mei it programma Fyts op 1 wolle we it fytsnetwurk dêrom fierder ûntwikkelje en ferbetterje. Dêrby giet it om trochrinnende fytsrûtes tusken doarpen en de stêd, mar ek om nije fytsferbiningen yn it bûtengebiet, lykas by de Greate Kritewei lâns.

Ek wolle we ynvestearje yn duorsume foarmen fan stedsdistribúsje en -mobiliteit. Om in part fan it (besykjend) autoferkear oan de rânen fan de stêd op te heinen, ynvestearje we yn in mobiliteitshub om Werpsterhoeke hinne en transfearia op taktyske lokaasjes. Om de ferkearsfeilichheid te fergrutsjen, wolle we it tal 30-kilometer sônes wêr't dat nedich en mooglik is útwreidzje. Fierder losse we besteande ferkearsknyp punten op en soargje we foar bliuwend goede ferbiningen tusken doarpen en de stêd.

Spoarferbiningen

Foar de ekonomy yn Noard-Nederlân en de oantreklikheid fan Ljouwert binne flugge en frekwinte trein-ferbiningen mei oare ekonomyske kearngebieten in must. Boppedat past it goed yn de transysje nei duorsume mobiliteit. It is fan grut belang dat Ljouwert in flugge, streekrjochte (oerstapfrije) spoarferbining mei de Rânstêd hat. Fierder hat it hjoed-deistige ferkearsstelsel yn Ljouwert in tal knyp punten, wêrûnder it romte-

beslach en de barriêrewurking fan it spoar yn de stêd. Sa foarmet de spoarwei-oergong yn de Skrâns in fytsknyp punt. De spoarbrêge oer it Van Harinxmakanaal is in wichtich knyp punt om't it ferheegjen fan de treinfrekwinsje botst mei it ferfier oer wetter. Wy wolle dy knyp punten oplosse. Dat kin bygelyks troch it spoar ferdjippe oan te lizzen. Dat makket boppedat ekstra romte frij om dat binnenstedske gebiet om te foarmjen nei in oantreklik wen- en ferbliuwsgebiet. Fysike oanpassing fan it spoar is de kommende bestjoers- perioade net oan de oarder. Wy sille wol mei in ekstra lobby besykje ditsoarte oanpassingen op termyn mooglik te meitsjen. Dat jildt ek foar de oanlis fan de Lelyline mei in ein- stasjon yn Ljouwert.

Wetternetwurk

Hieltyd mear toeristen, deirekreanten en ûndernimmers meitsje gebrûk fan it gemeentlik wetter. Tink oan it wetter by Grou, de Prinsetún en oar moai farwetter. De kommende perioade sille we dêrom kritysk sjen oft der nije farferbiningen en foarsjenningen nedich binne. Ek sjogge we hoe't we stêd en doarpen oer it wetter better mei-inoar ferbine kinne. Yn in belieds- fisy Wetter jouwe we dúdlikheid oer it gebrûk fan wetter, ferbiningen dy't winsklik binne, lykas de Kletsefeart en de eastlike farrûte en it bypassende foarsjenningsnivo.

ABEL REITSMA
WETHÂLDER ÚT NAMME FAN IT CDA
PORTEFÚLJE: WURK, EKONOMY,
PARTISIPAASJE, YNNOVAASJE

‘Wy hâlde net op mei wat wurket, mar fersterkje ús ynset’

‘Minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk op in persoanlike en passende wize helpe om oan de slach te gean. Harren út de bystân wei begeliede nei wurk. Dêr kinne we as gemeente in moaie rol by spylje. Mei in breed palet oan mooglikheden dêr't minsken ek echt gebrûk fan meitsje. Dêrneist sil ik my ynsette foar in profesjoneel akademysk klimaat. Mei ús ynfrastuktuer fan kampussen binne we ynteressant foar studinten. Mei it bedriuwslibben as stevige partner hawwe we in soad romte foar ynnovaasje. It is dus wichtich dat we ûndernimmers witte te behâlden en te binen. Wêr't ik nei útsjoch de kommende jierren? Nei de unike meetings dy't je as wethâlder hawwe. Dy jouwe my enerzjy en helpe my om myn perspektyf te ferbreedzjen. Sa kin ik fan de gemeente Ljouwert in noch moaier plak meitsje.’

Gearwurking en organisaasje

MEI DE MAATREGELS ÚT DIT
HAADSTIK DRAGE WE BY
OAN DE FOLGJENDE GLOBAL
GOALS:



IT FERMINDERJEN FAN
ÛNGELIKENSSENS BINNEN EN TUSKEN
LANNEN



IT FERSTERKJEN FAN MONDIAAL
PARTNERSHIP EN KOHERINT BELIED
FOAR DUORSUME ÛNTWIKKELING



Yn ‘e mande mei de Fryske Mienskip, ynwenners, ûndernimmers, organisaasjes en oare oerheden jouwe we ús takomst foarm. Elk út syn eigen ferantwurdlikheid wei. Wy wolle in betroubere en iepen oerheid wêze. Benaderber en tagonklik. Wy kieze foar minsklik kontakt en prate mei-inoar. Wy steane foar kearnwearden as soarchfâldich en feilichheid, ynklúzje en duorsumens. Wy organisearje dêrfoar wat nedich is, sadat de mienskip yn balâns bliuwt. Wy wurkje konstruktif gear mei ynwenners, organisaasjes, oare oerheden, riedsleden en amtners. Wy binne effisjint en effektyf, wage de kosten en baten goed ôf en hâlde de lêsten leech.

Grip op gearwurking

Wy geane troch mei ús yn te setten foar in stevige posysje fan Noard-Nederlân op nasjonaal en Europeesk nivo. As haadstêd fan Fryslân en as sintrumgemeente fiele wy ús ferantwurdlik om regiopartners mei-inoar te ferbinen. It Ryk sprekt ús op ferskate mêden yn dy rol oan en wy ûntfange ryksjild om yn ús regio te besteegjen. Wy wurkje ynhâldlik nau gear mei de provinsje Fryslân, Wetterskip Fryslân en Fryske gemeenten. Ek op it mêd fan de bedriuwsfiering oerwege we fierdere gearwurking.

Mei de nije Europa Aginda rjochtsje we ús de kommende perioade op de grutte opjeften lykas de enerzjy-transysje, klimaatadaptaasje, sirkulêre ekonomy en kultuertoerisme. Hieltyd faker wurkje we dêrby gear mei oare bestjoeren en mei maatskiplike organisaasjes. Wy dogge aktyf mei yn relevante netwurken en partnerskippen.

Wy steane posityf foar nije gearwurkingsferbannen oer. Wol wolle we foarôf bepale wat de mearwearde fan sa’n gearwurkingsferbân is en hoe’t demokratyske kontrôle plakhat. De stjoering, behearsking en ferantwurdling fan gearwurkingsferbannen kin better. Wy sille de ramtnota ‘Verbonden Partijen’ dêrop oanpasse.

Partisipaasje en lokale demokrasy

Krekt yn dizze tiid koesterje we ús demokratyske rjochtssteat. Bewennerskollektiven en sosjale ûndernimmers pakke aloan faker publike fraachstikken op. Minsken wolle mear romte en mear selsrezjy. Tagelyk freegje se om mear beskerming fan harren bestearswissichheid, feilichheid en privacy. De gong dêr’t netwurken har mei foarmje en de wize sa’t minsken har uterje en minge yn it maatskiplik debat, stelle ús foar flinke útdagingen.

Wy wolle ús lokale demokrasy fernije en oanfolje mei romte foar maatskiplik inisjatyf troch ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike partijen de kâns te jaan om mei te dwaan. Jongeren binne de takomst fan Ljouwert. Dêrom behelje we harren hjir aktyf by. Soms is de gemeente aktyf en ferantwurdlik, soms folgjend. Wy tinke safolle mooglik mei mei inisjativen en biede romte oan ferskaat. Wy sille eksperimintearje mei oare foarmen fan konsultaasje en meitsje gebrûk fan digitale partisipaasjeplatforms om mear ynwenners by plannen te beheljen. De Omjouwingswet freget soks ek fan ús. Wy geane iepen en earlik mei minsken yn petear, sadat minsken har heard fiele. Dat dogge we op ‘e tiid, sadat minsken noch ynfloed útoefenje kinne op beslútfoarming. Yn in ier stadium fan de gearwurking is helder wat we faninoar ferwachtsje

meie. Dat freget tiid, ynspanning, fertrouwen, romte en dúdlike kaders. Dêrom stelle we de kommende perioade in demokratyske fernijingsagenda op.

Passende en persoanlike tsjinstferliening

Ús tsjinstferliening moat oanslute by de winsken fan ynwenners, besikers en bedriuwen. Minsken wolle fan de gemeente in fluch en dúdlik antwurd op harren fragen. It makket net út oft se belje, chatte of online saken mei ús dwaan wolle. Se binne har eigen regisseur yn it sykjen nei ynformaasje of stipe en beheare yn de takomst har eigen gegevens. Wy sille ús tsjinstferliening ferbetterje en digitalisearje. Wy tinke mei mear digitale tsjinstferliening en in bettere (telefoanyske) berikberheid in earste oanset jaan te kinnen ta mear romte foar persoanlik kontakt en maatwurk.

De gemeente is de oerheid dy’t it tichtst by de minsken stiet. Dêrom is it fan belang dat ús tsjinstferliening passend en persoanlik is. Elk moat dermei út de fuotten kinne. Wy wolle dat de kontaktmooglikheden foar ynwenners oanslute by harren feardichheden. Mei de ynset fan ûnderfiningssakkundigen meitsje we de tagong foar kwetsberens leechdrompeliger. Minsken mei (komplekse)

fragen meie net fêstrinne yn ús systemen en dêrtroch yn de problemen komme. Mei ekstra jild fan it Ryk (POK-middels) fersterkje we de tsjinstferliening oan dy groep.

Dêrneist ynstearje we de kommende perioade yn ienfâldige (digitale) oanfraachprosessen, bettere (telefoanyske) berikberheid, ynformaasje yn begryplike taal en nije techniken (ûnder oaren fideobelje). Sa ferbetterje we de kommunikaasje mei ús ynwenners.

Wearde(n)folle digitale takomst

Der is in yngripende digitale transysje geande op hast alle mêden yn de mienskip. Dy liedt net fansels nei maatskiplike foarútgong en brede wolfeart. Wy moatte mei de mienskip ús digitale takomst aktyf foarmjaan. Wy wolle de digitale ûntwikkelingen sels yn ‘e hân hawwe, witte wat der bart mei ús data en tefoaren komme dat digitalisearring minsken bûten slút. Wy wolle iepen en transparant wêze oer de ôfwagingen dy’t we meitsje en grinzen stelle oan wat we akseptabel fine.

Ús digitale agenda foar de kommende fjouwer jier moat yn ‘t foarste plak weardefol wêze foar ús ynwenners. Wy sjogge kânsen om mei data en technology earder neamde duorsumheidstema’s, ynklúzje en sirkulêre ekonomy helpe te realisearjen. Binnen de planfoarming fan grutte projekten wage we de mooglike bydragen fan data en technology standert ôf (kânse-analyze). Echte kânsen meitsje we betelber troch 5% fan it projektbudget dêrfoar te

reservearjen. De ynset fan data en digitale systemen wurket fôar minsken en net tsjin minsken. Wy sjogge kritysk nei de ynset fan algoritmen. Mei ferantwurde databelied, in eigen wearderamten en in etyske kommisje sille we de ympakt fan technology op minsken en mienskip konsekwint ûndersykje.

Tagelyk wurkje we oan it op oarder bringen fan de fûneminten fan ús ynformaasjehûshâlding. It kin ienfâldiger, fleksibeler en soarchfâldiger. Dêr is Ljouwert in tûke folger yn. Mei oare gemeenten en mei stipe fan de ‘Vereniging van Nederlandse Gemeenten’ (VNG) realisearje en diele we ûnderling tûke oplossingen op it mêd fan ynformaasje- en kommunikaasjetechnology. Dêrfoar brûke we ko-finansiering. Ek ynformaasjebefeiliging is dêrby in wichtich spearpunt.

Foar wentebou, gebietsûntwikkeling, grutte ferfangingsynvestearringen, it stypjen fan bewennersinisjativen, mar ek foar it heffen fan lokale belastingen binne korrekte gegevens nedich. Dy saneamde geo-ynformaasje oer adressen en gebouwen wurdt yn in systeem opslein. Wy bringe en hâlde de gegevenshâlding op oarder. Wy stelle budzjet beskikber foar ekstra minsken.

In duorsume gemeentlike organisaasje

Wy binne ambisjeus op it mêd fan duorsumens en wolle it goede foarbyld jaan. Wy geane foar in duorsume gemeentlike organisaasje dy’t sirkulêr ynkeapet, materiaalgebrûk en CO2-

útstjit reducearret en gebrûk makket fan duorsume enerzjy. Wy meitsje in start mei in learprogramma foar de meiwurkers fan de gemeente op it mêd fan klimaat, klimaatoanpassing, enerzjy, sirkulêre ekonomy en bio-ferskaat. De meiwurkers kinne dy kennis tapasse yn harren deistich wurk. Ek sille we 20 eigen gebouwen dy’t foar maatskiplike doelen brûkt wurde, duorsumer meitsje. De ambysje is om yn 2025 fan dy gebouwen ‘Bijna Energie Neutrale Gebouwen’ (BENG) makke te hawwen. Sa transformearje we nei in duorsume gemeentlike organisaasje.

Oantreklik wurkjouwerskip

De gemeente fiert wichtige taken út foar de mienskip en is dêrmei in ynteressante wurkjouwer. Troch allerhanne demografyske ûntwikkelingen, yn it bysûnder de fergrizing, merkbite we dat der op dit stuit mear minsken útstreame. Mei harren ferdwynt in soad kennis, kunde en feardichheden. De hjoeddeistige krapte op de arbeidsmerk makket it lestich om nije, jonge meiwurkers oan te lûken. It kostet hieltyd mear muoite om allerhanne funksjes binnen de gemeente yn te foljen. Mei in oantreklik pakket oan arbeidsbetingsten ferwachtsje we sittende meiwurkers behâlde te kinnen. Ek binne we sa konkurrearjend mei oare wurkjouwers yn it winnen fan nije meiwurkers. Foar sa’n soarte pakket meitsje we ekstra jild frij. Om de bedriuwsfiering net yn gefaar te bringen, is eksterne ynhier dan it lêste alternatyf. Yndustry en ferskaat fine we fan grut belang, dus ek yn ús peronielsbelied.

Gearstalling kolleezje

Lykas alle stêden yn Nederlân stiet ek Ljouwert foar grutte útdagingen dy't sawol kânsryk as risikofol binne. Mei troch de desintralisaasjes yn it sosjaal domein is de rol fan wethâlder feroare. Programma's as 'Volhoudbaar', Ljouwert East, Spoarsône, Ekonomy – ûnderwiis – arbeidsmerk en Binnenstêd freegje om koördinearjend wethâlderskip. Dêrneist bringe de ynfiering fan de Omjouwingswet en de foarmjouwing fan in striidbere partisipaasjedemokrasjy in soad wurk mei har mei. It giet om komplekse opjeften en grutte ferantwurdlikheden. Faak wurkje we gear mei de regio yn de rol fan sintrumgemeente. Boppedat is Ljouwert in grutte gemeente. Neist de stêd binne der 35 doarpen. Dat bringt in soad wurk mei dat in wethâlder op in ferantwurde wize dwaan kinne moat. Mei foldwaande romte om wurk en privee yn balâns te hâlden. Dêrneist is fansels ek de politike represintaasje beskiedend foar de gearstalling fan it kolleezje. Al dy faktoaren byinoar meitsje dat it kolleezje de kommende kolleezje-perioade seis wethâlders telt.

Ried en Kolleezje

Wy wolle de kommende perioade it mei-inoar oparbeidzjen fan ried en kolleezje ferbetterje. Troch de ried mear oan de foarkant fan beliedsprosessen te beheljen, kinne de riedsleden harren kaderstellende rol better ynfolje. Ek wurde ûnderlinge ferwachtingen tusken ried en kolleezje better opinoar ôfstimd. Ús koalysje-akkoart is in akkoart op haadlinen. De útwurking derfan dogge we graach yn gearspraak mei de ried.

De finansjele basis op oarder

Wy wolle in finansjeel sterke gemeente wêze. Sa bliuwe we by steat om te ynvestearjen yn ús takomst. Wy gean soarchfâldich om mei mienskipsjild en hâlde de wenlêsten leech. Mei minimale middels wolle we maksimaal resultaat berikke. It finansjele belied foar de kommende bestjoersperioade is rjochte op in struktureel slutende mearjierreroaiing, foldwaande wjerstânsfermogen om alle ynventarisearre risiko's op te heinen en in hâldbere skuldposysje.

By de start fan dizze bestjoersperioade komme we mei in aktualisearre ramt-nota Risikomanagement. Dêr stiet ek in foarstel yn om de minimumgrins fan de algemiene reserve te ferheegjen fan € 10 nei € 15 miljoen. Mear dêroer yn de finansjele bylage.

Gemeenten binne foar in grut part ôfhinklik fan ynkkomsten út it Gemeentefûns. It regear komt foar de perioade nei 2025 mei in nije finansieringssysteem. Doel is in stabilere finansiering fan mei-oerheden en it fergrutsjen fan harren autonomy. Gemeenten krije mooglik in grutter eigen belestinggebiet. Ek alternativen foar de ûnreplik saakbelesting (OZB) lizze op 'e tafel. Sadree't dêr mear dúdlik oer is, sjogge we nei mooglike gefolgen foar ús finansjele belied. Foarearst jildt by de finansiering foar it grutste part de hjoeddeistige accres-systeem. Dêrby geane útkearingen oan gemeenten lykop mei de ryks-útjeften ('mei-inoar de trep op, mei-inoar de trep ôf').

Wy binne net fan doel om de OZB mei mear as de ynflaasje omheech gean te litten.

Trochgean mei ynvestearje yn de takomst

Wy stribje nei mear finansjele kontinuïteit en stabiliteit. Belieds-ambysjes dy't oer mear jierren rinne, kinne we sa goed útfiere. Dêrom wolle wy, yn neifolging fan it 'Strategisch, Investerings- en Ontwikkelingsfonds' (SIOF) út it ferline, in fergelykbere foarm fan finansiering ynfierje. Ús foarnimmen is om € 40 miljoen yn trije fûnsen te stopjen: (1) klimaat, enerzjy en bioferskaat (€ 10 miljoen), (2) maatskiplike fernijing, previnsje, sport en kultuer (€ 15 miljoen) en (3) strategyske ûntwikkeling en ynnovaasje, ynklusyf stedske fernijing en mobiliteit (€ 15 miljoen).

It jild út dy fûnsen kinne we ynsette foar de grutte transysjes, ekonomyske struktuerfersterking of ynvestearringen foar de takomst. Tink oan it duosumer meitsjen, folkshûsfesting, Ljouwer East, de Spoarsône, binnenstêd, Arcadia 2025 of digitalisearring. Ek kinne wy sa oare jildstreamen út fûnsen fan it Ryk en Europa brûke, dy't freegje om gemeentlike ko-finansiering. Yn 'e mande mei de ried wolle we heldere kaders fêststelle foar in transparante en op resultaat rjochte ynset fan de fûnsen. Dy kaders lizze we fêst yn de jierlikse planning & control-cyclus. Wy sille dêr útstellen foar dwaan.

SYBRAND BUMA, BOARGEMASTER
PORTEFÚLJE: IEPENBIERE OARDER,
FEILICHHEID, BRÂNWACHT & PLYSJE
EN KOMMUNIKAASJE

‘Wy litte elkenien sjen watfoar moaie, grutske gemeente we binne’

‘De gemeente moat in moai en feilich plak wêze foar minsken om te wenjen, te wurkjen en te libjen. Wy wolle der noed foar stean dat elkenien meidwaan kin. Dat elkenien it bêste út syn of har libben helje kin. Slagget dat net op eigen krêft, dan helpe we in hantsje. De Mienskip is sterk. It sit yn ús genen dat we mei-inoar dingen berikke wolle en kinne. As boargemaster wol ik minsken en organisaasjes mei-inoar yn ferbining bringe. Wy litte elkenien bûten Ljouwert sjen watfoar moaie, grutske gemeente we binne. Ik sjoch in ambisjeus, entûsjast kolleezje dat de grutte útdagingen fan dizze tiid oangean wol. Dêr sille we mei-inoar oan wurkje.’





OP DE FOTO (FAN LINKS NEI RJOCHTS): WETHÂLDER HEIN KUIKEN, WETHÂLDER EVERT STELLINGWERF, WETHÂLDER GIJS JACOBSE, WETHÂLDER NATHALIE KRAMERS, BOARGEMASTER SYBRAND VAN HAERSMA BUMA, GEMEENTESIKRETARIS EELKE DE JONG, WETHÂLDER ABEL REITSMA EN WETHÂLDER HEIN DE HAAN.



finansjele bylage

Totaal útsettingen					
In griene, sûne en klimaatbestindige leefomjouwing	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
It werom bringen fan it bioferskaat	250	250	250	250	250
Enerzjy en klimaat	500	500	500	500	500
Enerzjycoaches	300	300	300	300	-
Griener meitsje troch beammen	750	750	750	750	750
	1.800	1.800	1.800	1.800	250

In sterke mienskip mei kânsen foar elkenien	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
Ljouwerter fariant basisbanen	500	500	500	500	500
Byfertsjinje yn bystân	700	700	700	700	-
Ferienfâldiging skulde-oanpak	228	35	35	35	35
Ferfolch earmoedebelied	450	450	450	450	-
Kânsrike start foar ynboargerers	-	350	350	-	-
Knyppunten sportakkommodaasjes	-	-	125	250	250
Sportbelied	100	150	-	-	-
bv Sport	700	450	450	450	450
Kânsrike start foar bern	100	100	100	100	100
Yntegrale Bern Sintra, ûntwikkelingen stipestruktuer	-	200	200	200	200
Fersterkjen sosjale basis	300	300	300	300	300
Maatskiplik fêstgoed - OZB	240	240	240	240	-
ISI budzjet	50	50	50	50	50
	3.368	3.525	3.500	3.275	1.885



Totaal útsettingen

Betelber wenje yn in sûne en feilige leefomjouwing	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
Stedsboumaster	150	150	150	150	150
Bouwe foar de takomst	300	300	300	300	-
Kapitaalsaken op oarder	3.100	3.100	3.100	3.100	3.100
Bestriding ynvasive soarten	-	248	248	248	-
Weromkringen swerfôffal	-	140	140	140	-
Meanbelied en ûnkrûdbestriding	100	100	100	100	100
Útwreiding kapasiteit Feilichheidsdomyn	250	250	250	250	250
Útwreiding kapasiteit Hanthavening	422	422	422	422	-
	4.322	4.710	4.710	4.710	3.600

Foaroprinnend yn kultuer en eveneminten	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
Kultuer	1.038	1.038	1.038	1.038	1.038
Festivals en eveneminten	100	100	100	100	100
We the North	100	100	100	100	-
	1.238	1.238	1.238	1.238	1.138

In sirkulêre en konkurrearjende ekonomy	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
Ynnovaasje troch gearwurking	300	300	300	300	300
Wetus	-	500	500	500	-
Útfieringsprogramma binnenstêd	200	200	200	150	-
Auto-earme binnenstêd	-	50	50	50	50
Fyts op 1 / fytsnetwurk	-	300	300	300	300
	500	1.350	1.350	1.300	650

Totaal útsettingen

Gearwurking en organisaasje	2023	2024	2025	2026	Wêrfan struktureel
Fuortsetting gearwurkingsferbannen	507	507	507	507	-
Striïdbere partisipaasjedemokrasjy	50	50	50	50	50
Passende en persoanlike tsjinstferliening	100	100	100	100	100
Wearde(n)folle digitale takomst	100	100	100	100	100
Op peil hâlde GEO ynformaasje	304	304	304	304	304
Maatskiplike fêstgoed - duorsum meitsje	30	60	90	90	90
Oantreklik wurkjouwerskip	300	300	300	-	-
Gearstalling kolleezje	250	250	250	250	-
	1.641	1.671	1.701	1.401	644

Totaal útsettingen	12.869	14.294	14.299	13.724	9.417
--------------------	--------	--------	--------	--------	-------

Taljochting op de tabel:

Struktureel

De maatregels út it koalysje-akkoart kostje € 9,417 miljoen. De finansjele romte dêrfoar basearje we op inkele ynskatten en maatregels. Dêrmei rinne we wol foarút op it ‘Meicirculaire Gemeentefonds 2022’.

De ynskatten binne basearre op de finansjele effekten fan it regearakkoart fan kabinet Rutte IV. Mear yn it bysûnder giet it om de Startnota fan it kabinet. Dêryn binne de begruttingsôfspraken foar de kommende kabinetsperioade fêstlein. Dizze foarsichtige ynskatten meitsje we:

- Groei Gemeentefûns € 4,753 miljoen - It kabinet giet út fan in strukturele groei fan it Gemeentefûns. It oandiel

dêryn foar de gemeente Ljouwert is op de wenstige wize ynskat.

- Opnij ikerje fan ferdielmodel Gemeentefûns € 2,814 miljoen - It kabinet fiert it nije, opnij ikere model foar de ferdieling fan it Gemeentefûns mei yngong fan 1 jannewaris 2023 stapsgewiis yn. Ut eardere ynformaasje oer de effekten fan it opnij ferdielen docht bliken dat dy nei ferwachting posityf binne foar de gemeente Ljouwert. By de rûzing fan dat positive effekt fan it opnij ferdielen is rekken holden mei de maksimearring troch it Ryk.

De maatregels om de strukturele finansjele romte te fergrutsjen binne:

- It ferfallen fan de jierlike stoarting Algemene Reserve € 1,7 miljoen - Alle jierren stoarte we € 1,7 miljoen yn de Algemene Reserve. Wy sille de minimumstân fan de Algemene Reserve ferheegje nei € 15 miljoen. Om’t de stân nei ferwachting dêr

flik boppe leit (sjoch hjirnei), is it ferantwurde om dy jierlike stoarting benefier te litten.

- Ferwachte resultaat ynvestearring bedriuwsfiering € 0,5 miljoen - Troch in ynvestearring fan € 5 miljoen yn de bedriuwsfiering ferwachtsje we in € 0,5 miljoen oan kosten te besparjen.

Yn totaal komme we sa op € 9,767 miljoen. Dêrfan sille we de kommende jierren € 9,417 miljoen besteegje. Fan it ferskil, € 350.000, is € 197.000 nedich foar de negative begjinstân. Dêrmei bliuwt yn 2026 in struktureel saldo oer fan € 153.000. Yn dat saldo binne trouwens inkele budzjetferhegingen ferwurke út de earder dit jier útfierde ynventarisasje fan de ûnûntkombere ta- en ôffallers. Dêrûnder in budzjetferheging fan € 1 miljoen foar it minimabelied.



Ynsidinteel

De lêsten fan de ynsidintele maatregels oer de hiele kolleezjeperioade fan fjouwer jier binne € 62 miljoen. Dat bedrach is ynklusyf de foarming fan de trije fûnsen dêr't we yn totaal € 40 miljoen yn stoarte. Foar dy lêsten dogge we in berop op de Algemiene Reserve. De stân fan de Algemiene Reserve is krekt as by de strukturele finansjele posysje, geunstich beynfloede troch it regearakkoart fan it nije kabinet. Dêrneist is der noch in tal geunstige ûntwikkelingen:

- it rekkenesultaat dat oer 2021 realisearre is;
- de frijfal fan de stelpost Koroana en
- de romte as gefolch fan it struktureel dekken fan lêsten dy't earder ta lêst fan de Algemiene Reserve brocht binne.

Fierder jildt dat we in part fan de ynsidintele lêsten oer meardere jierren ferdiele. De stân fan de Algemiene Reserve is nei ferwachting oan de ein fan 2023, nei ferwurking fan ûnder oaren de hjirfoar neamde wizigingen, € 37,4 miljoen. It giet om in foarriedige stân. Dat is rom boppe de beëage minimumstân fan € 15 miljoen. Dat is ek yn de jierren dêrnei it gefal. Yn de begrutting 2023-2026 jouwe we in mear detaillearre oersjoch fan de ûntwikkeling fan de strukturele en ynsidintele finansjele posysje.

Portefúljeferdieling kolleezje 2022-2026

Hein de Haan
PvdA

(1e loko-boargemaster)

- Wenjen en bouwen
- Romte en leefomjouwing
- Gebiertsûntwikkeling
- Fergunningen, Tafersjoch en Hânhavening
- Grûnbedriuw
- Programma Spoarsône (koördinearjend)
- Aginda Binnenstêd (koördinearjend)

Sybrand van Haersma Buma
Burgemeester

- Iepenbiere oarder
- Brânwacht en Plysje
- Yntegraal feilichheidsbelied + Hânhavening
- Hoarekabelied
- Kommunikaasje
- Grutte Stêdebelied
- Europa en ynternasjonale saken
- Bestjoerlike organisaasje en Kabinetssaken

Evert Stellingwerf
GroenLinks

- Klimaat, enerzjy, duursumens
- Natuer, lanlik gebiet, wetter, lânbou
- Sirkulêre ekonomy
- Fêstgoed
- Ynfrastruktuer en mobiliteit
- Monuminten en erfgoed
- Bistewolwêzen
- Programma Volhoudbaar (koördinearjend)

Hein Kuiken
PvdA

- WMO en maatskiplike opfang
- Earmoede en skuldhelp
- Finânsjes
- Kultuer
- Eveneminten en marketing

Nathalie Kramers
GroenLinks

(2e loko-boargemaster)

- Jongerein
- ûnderwiis: primêr, fuortset, MBÛ
- Publike sûnenssoarch
- Flechtlingen en yntegraasje
- Ynklúzje en ferskaat
- Programma Ljouwert East (koördinearjend)

Gijs Jacobse
Gemeentebelangen

(3e loko-boargemaster)

- Demokratyske fernijing
- Wiken en doarpen
- Behear iepenbiere romte
- Tsjinstferliening
- Digitale Aginda
- Bedriuwsfiering
- Sport
- Sosjale Basis (koördinearjend)

Abel Reitsma
CDA

(4e loko-boargemaster)

- Wurk, Partisipaasje en Ynkomen
- Ekonomy
- Rekreaasje en Toerisme
- Kennis en ynnovaasje
- Heger ûnderwiis
- Programma Ekonomy, ûnderwiis & Arbeidsmerk (koördinearjend)



